

De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan. De kommende jierren hawwe wy de ambysje om noch mear minsken te berikken mei ús kursusoanbod. Dêrom sykje wy in nije kollega foar de kursusorganisaasje om it team te fersterkjen.

Wy sykje in:

KURSUSORGANISATOR

foar 20-24 oeren wyks

De Afûk hat in Fryske boek- en kadowinkel en in útjouwerij, wy jouwe kursussen en workshops en wy ûntwikkelje ûnderwiismetoaden. Dêrneist wurkje wy oan in hiel soad wikseljende projekten en kampanjes. Der wurkje sa'n 35 minsken by de Afûk.

Wat is dyn rol?

As **kursusorganisor** bisto, tegearre mei in direkte kollega, de spil yn de organisaasje fan ús kursussen. Do planst en organisearrest de kursussen, soargest dat it oanbod oan kursussen presintearre wurdt oan de bûtenwrâld, do joust ynformaasje oer de kursussen oan partikulieren, bedriuwen en ynstellingen en hast goed kontakt mei de lesjouwers. Fierder tinksto mei oer it kursusoanbod en sikest aktyf nei nije kursisten en kursusgroepen. Sjoch foar mear ynformaasje oer ús kursussen op: kursus.afuk.frl.

Wat nimst mei?

- Do hast in mbû+/hbû wurk- en tinknivo.
- Do wurkest sekuer, kinst goed oer wurkdruk en bist fleksibel.
- Do kinst goed mei in ferskaat oan minsken oerwei.
- Do kinst flot Frysk prate en by foarkar ek skriuwe, of dat wolst op koarte termyn leare (dêr hawwe wy nijsgjirrige kursussen foar).
- Do wurkest graach selsstannich mar sikest ek de gearwurking op.

Wat biede wy dy?

- In ôfwikseljende baan mei in soad selsstannichheid yn in kreatyf en entûsjast team.
- In tydlik tsjinstferbân foar in perioade fan in jier (mei útsicht op ferlinging).
- Salaris neffens de KAO Sosjaal Wurk, skaal 7, ôfhinklik fan oplieding en ûnderfining.

Wolsto mei ús minsken entûsjast meitsje foar it Frysk? Dan hearre wy graach fan dy!

Mear ynformaasje en sollisitearje

Foar mear ynformaasje oer de fakatueres kinst kontakt opnimme mei:
Alex de Jager, direkteur: alex.dejager@afuk.frl, tel. 058-2343070 of 06-51019964.

Stjoer dyn sollisitaasje mei dyn cv foar 3 maart 2024 nei Ciska Noordmans: ciska.noordmans@afuk.frl.

*De sollisitaasjepetearen sille plakfine yn de wike fan 11 maart (earste petear)
en de wike fan 18 maart (twadde petear).*

